

Grotesk Blaudruk Distribúsjeplan

E-book-distribúsje

- Webservices foar levering *e-books*, lykas e-bookweb.nl en bol.com
 - Download (i.e. keapjen), online lêzen (i.e. keapjen) en hieren
 - Hierprizen kinne fêstlein wurde by CB
- Eigenbehear *e-book download* fia de eigen webside
- Eigenbehear *e-book lending*, fia *self-hosted open source file sync and share servers*, lykas ownCloud, of, al is it net hiel geskikt foar online biblioteken, fia Dropbox

Gruthannel

Boekferkeapers lykas boekhannels, webwinkel Bol.com en boekkeatling Bruna keapje har boeken yn by de útjouwer of by boekegruthannels, en dêrfan is CB Logistics yn Culemborg, oftewol CB, yn Nederland de bekendste, mar der binne ek boekegruthannels foar de lytse, ûnôfhinklike boekferkeapers

- De boekferkeaper meldt him by de boekgruthannel of de útjouwer, docht in bestelling en krijt levere
- De koarting op de ferkeappriis is ôfhinklik fan de grutte fan de bestelling en rint fan 10% oant 20% oant wol 50% oant 65% koarting fan CB oan Bol.com en Bruna (sa fertsjinje Bol.com en Bruna har jild)
- De koarting jildt oer de ferkeappriis fan it boek; kostet it boek yn 'e winkel € 15,00 en de koarting is 50% dan is de ynkeappriis € 7,50 (de winst is dus € 7,50 minus alle ferkeapskosten fan de boekferkeaper)
- oan oansluting by CB binne hege moanlikse fêste kosten ferbûn; foar de lytsere boekhannel (en útjouwerij) binne dy fêste kosten faak te heech

Boekdistributeurs

- De iennichste distributeur yn Nederlân is CB
 - distribúsjeoansluting by CB is djoer, om de € 200 de moanne hinne, dêr't de leveringskosten foar elts eksimplaar boppe-op komme
 - De oansluting by CB Compact, foar begjinnende útjouwers, hat fêste moanlikse kosten fan € 30 de moanne en dêrneist in bedrach foar elts levere eksimplaar
- De grutste kostepost foar de lytse útjouwer is de boekhannelskoarting dy't de boekdistributeur de boekhannel jout, dus it ferskil tusken ynkeap- en ferkeappriis dêr't de boekhannel syn winst út hellet
- it is mooglik om fia klusteroansluting oansletten te wêzen by it CB; De Vrije Uitgevers is de grutste klusteroansluting, oansluting by De Vrije Uitgevers komt op sa'n € 35 de moanne

Boekhannels

- in pear moannen foardat it boek ferskynt stjoert de útjouwer in oanbiedingsfolder nei de boekhannels, wat faak moai útferde boekwurkjes binne mei foto's fan 'e boekomslaggen, de ynhâld fan de boeken en eftergrûnynformaasje oer de auteur, alles rjochte op it oertsjûgjen fan de boekhannel fan de kwaliteit fan it boek

- De boekebrânzje ken twa of trije oanbiedingen it jier, yn jannewaris en augustus en soms yn maaie
- Op 'e tiid ynteressearjen fan de boekhannels is hiel wichtich: de boekhannel is de ynstânsje dy't it boek aanpriizget by de lêzer; hâldt de boekhannel goed op 'e hichte fan wat ferskynt en soargje foar slogans en moaie foto's
- De boekferkeaper moat foldwaan oan 'e Wet op de fêste boekepriis; dat betsjut dat er net ûnder de troch de útjouwer fêststelde ferkeappriis ferkeapje mei; de boekhannel keapet lykwols wol goedkeaper yn en hellet zijn fertsjinsten út it ferskil tusken de (net-fêststelde) ynkeappriis en de (fêststelde) ferkeappriis
 - Krekt as in boek út de rûlaasje giet of de útjouwer jout him frij, dan mei de boekferkeaper sels in priis bepale
- boekhannels wurkje mei ynkeap mei koartingen, 'yn konsinjaasje' en 'rjocht fan retoer'
- De gebrûklike boekhannelskoarting is 42 persint fan de ferkeappriis
 - yn konsinjaasje is dat it boek op risiko fan de útjouwer yn de boekhannel dellein wurdt, sûnder dat de boekhannel it foarôf hoecht yn te keapjen; de boekhannel hat it boek 'yn brûklien' en betellet it boek oan de útjouwer wannear't in ferkeap oan de klant syn beslach krigen hat, of hy betellet foar alle ferkochte eksimplaren nei in mei de útjouwer ôfsprutsen perioade
 - rjocht fan retoer is dat boekhannels boeken dy't hja binnen de mei de útjouwer ôfprate termyn net ferkeapje, nei de útjouwer weromstjoere en dan har ynkeapbedrach restituearre krije; om't hja op dy manier gjin risiko fan net-ferkeap rinne, kin de boekhannelskoarting leger steld wurde (20-25 persint)

Direkt oan de konsumint

- Op boekpresintaasjes en eveneminten lykas lêzingen, poëzymiddeis ensf.
- Online boekwinkel (te iepenjen) op Boekwinkeltjes.nl
- Eigen (útjouwerij-)websiteside; ienfâldichwei mei bestelformulier of troch in webwinkel yntegrearre yn de websiteside
 - Fan it grutste belang is de ymplementaasje fan de online marketing op de websiteside/webwinkel: soargje derfoar dat de ynternetsykmasines (yn it earste plak dy fan Google) de websiteside/webwinkel goed indeksearje kinne (*search engine optimization*; Google SEO), trochdat de yndividuele websiden foarsjoen binne fan de juste metadata, adekwate webadressen (en oare URL's), sitemaps en landings-siden, troch sykwurde-ûndersyk en troch te keppelen mei Google Analytics en Webmastertools
 - Jou dúdlike ynformaasje oer btw en ferstjoerderskosten

Biblioteken en argiven

- Iepenbiere biblioteek, nim foar beskikberens fan jo boek yn de iepenbiere biblioteek kontakt op mei NBD Biblion (www.nbdbiblion.nl), NBD Biblion fasilitearret it ynkeapproses en foarmet de basiskolleksje dêr't biblioteken dêrnei har eigen kolleksje út gearstalle kinne; de ynkeapers fan biblioteken (kolleksjoneurs) fersoargje en beoardielje de oantúchynformaasjes (resinsjes) om te bepalen hokker boeken geskikt binne om op te nimmen yn de kolleksje fan har biblioteek
 - Boppedat plakt NBD Biblion besprekken fan boeken op de websiden fan biblioteken en ynternetboekhannels lykas Bol.com, dus in posityf besprek kin op dy manier mear ferkeap opleverje

- NB! *E-book*-levering oan biblioteken: *e-books* falle net ûnder it Lienrjocht; biblioteken kinne *e-books* "útliene" troch, lykas *e-book*-webwinkels dat dogge, ôfspraken te meitsjen mei yndividuele útjouwers oer de ynkeappriis/marzje foar har "útleningen", wat ek mooglik is fia CB, want CB hat bibliotheek.nl oansletten op zijn *e-book*-distribúsjeplatfoarm
- foar Frysktalige (fysike) boeken: Tresoar
 - Tresoar is net ynsteld op útlienen fan *e-books*
- Publikaasjes deponearjen by de Koninklijke Bibliotheek
 - Stjoer altyd in eksimplaar fan it boek/*e-book* op (gjin ferstjoerderskosten)